

Homohaat of manneleafde

Preek fan ds. H. Wagenaar foar snein 24 jannewaris 2010.

Gemeente fan Kristus, bêste minsken,

1.

Yn de oanrin nei de Paulus musical yn maart ha wy fiif learhûsjûnen ynroastere. Moandei 11 jannewaris hawwe wy ús yn it learhûs mei sa'n 25 minsken bûgd oer de tematyk fan de (homo)seksualiteit. Nei de tema's fan de diskriminaasje fan Joaden (Joad of antysemyt) en de ûnderdrukking fan froulju (Seksist en feminist), binne wy hjoed ta oan de hâlding dy't Paulus hie tsjinoer homoseksualiteit. Wer sa'n fleurich ûnderwurp 😊. It is net oars, wy komme der net ûnderút. Want Paulus syn wurden wurde yn guon rûnten oanhelle, en mar wer op 'e nij sitarre as bewiis fan Gods tsjinsin en ôfkear fan homoseksualiteit. Wy hawwe yn in earder stadium al nei ferskate teksten sjoen. Dat wie doe't wy in beslút naam hawwe oer in seinigjen fan beide hetero én homoseksuele relaasjes yn ús gemeente (learhûs fan 2007-2008). Hjoed sjogge wy dan spesifyk nei dé sintrale teksten fan Paulus op dit gebied.

2.

Ek al hawwe wy yn eardere jierren in beslút naam oer it seinigjen fan relaasjes, dan wol dat noch net sizze dat de diskusje sluten is. Der binne ommers grutte groepen kristenen dy't Paulus op sa'n wize ynterpretearje dat hy homoseksualiteit ôfwiist. De measte tsjerken yn 'e wrâld hawwe sa'n negative miening, of binne hertstochtlik ferdield op dit mêd. Hjoed de dei is de Anglikaanske tsjerke slim ferdield. Earst hawwe sy it swier hân mei de ordinaasje fan froulike prysters en biskoppen, en no komt de diskusje oer homoseksualiteit der oerhinne. De ordinaasje fan de homoseksuele pryster Gene Robinson ta biskop fan New Hampshire hat alles op skerp set. Dizze pryster hat, tusken heakjes, in wichtige rol spile by de ordinaasje fan Barack Obama ta presidint.

Mar de diskusje is net allinne noch lang net sluten omdat der minsken binne dy't it net iens binne mei homoseksualiteit yn tsjerke. Wichtiger is dat homoseksuele minsken noch altyd stride moatte foar har bestean. Yn tal fan lannen stiet der de deastraf op, of in (libbens)lange finzenisstraf. Yn Nederlân moatte homoseksuele minsken altyd wer oppasse en foarsichtich wêze. Hoe faak net wurde sy yn inoar slein? En hoefolle jongeren hawwe it net swier mei it útfinen fan har seksuele identiteit? Der binne in protte dy't har (ûnbewust) bepale litte troch de negative hâlding fan har omjouwing. Ik sjoch tal fan minsken dy't sa net ta har bestimming komme. Ek hjir yn ús doarpen.

3.

Wy hawwe hjoed de wichtichste teksten fan Paulus lêzen dy't altyd oanhelle wurde yn dizze diskusje (I Kor. 6, 6-9 en Rom 1, 26-27). Ik wol earst wat sizze oer Paulus' wurden yn de Korinte brief. En dan aansten oer de wurden út de Romeinebrief. Dat binne twa te ûnderskieden aspekten yn de diskusje.

De wurden wêr't it om giet yn de Korinte brief binne 'skandjonges' (schandknappen) en 'jongesskeiners' (knappenschenders). It giet om de seksuele kontakten tusken folwoeksen mannen (jongesskeiners) en jonge(re) jonges (skandjonges). Dat wie yn de Grykske âldheid net alhiel ûngewoan en kultureel ynklaaid. Mar yn Paulus syn tiid wie dat (fer)wurden ta seksuele útspattingen fan folwoeksen mannen dy't jongere jonges brûkten foar har genot en befrediging. Wêr't it by Paulus hjir dus om giet is seksueel misbrûk. Neat mear en neat

minder! Dêrom set Paulus it ek yn in rige fan oare ûndeugden! Hy set it yn in rige fan ûnakseptabel moreel gedrach: ûntucht, ôfgoaderij, troubrekken. En hy hat it oer dieven, ynklauwers, sûplappen, lasterders of rôvers. Soks heart net by God en net by it keninkryk fan God. Dizze punten wurde yn de diskusje trouwens net faak oanhelle. It binne altyd dy twa wurden: 'skandjonges' en 'jongesskeiners' dy't oanhelle wurde tsjin homoseksualiteit. Mar wêr't Paulus it hjir oer hat, hat folslein neat te meitsjen mei in seksuele leafdesrelaasje fan twa minsken fan ien selde geslacht (want dat is wêr't wy it oer hawwe mei homoseksualiteit yn de moderne diskusje) It giet hjir dus beslist net oer homoseksualiteit, ek al hat it wol te krijen mei seks tusken twa minsken fan itselde geslacht! It hat te meitsjen mei seksueel misbrûk fan jongere jonges troch machtige en rike mannen sa't Paulus dat meimakke hie yn de havenstêd Korinte. Dêr is hy poer op tsjin. Dat pleatst hy yn in rige fan ûndeugden dy't net passe by it ryk fan God.

4.

It *liket* oars yn de Romeinebrief. It *liket* mear op homoseksualiteit wêr't Paulus it no oer hat. Der stiet ommers:

'Dêrom hat God har oerlevere oan skandlike hertstochten, want de froulju hawwe de natuerlike omgong fan 'e geslachten ferruile foar dy tsjin 'e natuer. Krekt sa hawwe de manlju de natuerlike omgong mei froulju oerjûn en binne no gleon fan begearte nei inoar. Sa slaan manlju op skandlike wize mei-inoar om en krije dêrmei yn harsels it fertsjinne lean fan har ôfdwaling.' (Romeinen 1, 26-27)

Dat minsken dit lêze as ôfwizing fan homoseksualiteit, dêr kin ik better ynkomme. Yn de Korintebrief is it fier socht. Hjir *liket* it mear op homoseksualiteit yn de moderne sin. En it wurdt as skandlik bestimpele.

Mar wy moatte no net ferjitte dat Paulus gjin idee hie fan homoseksualiteit sa't wy dat hjoed de dei kenne. Hy gie út fan de seksuele omgong neffens syn opfetting fan de natuer: manlju mei froulju. Hy hie gjin weet fan relaasjes fan leafde en trou tusken minsken fan itselde geslacht. Seks tusken minsken fan itselde geslacht kaam wol foar, mar net as in alternatyf foar de leafdesrelaasje tusken minsken. Dus wannear't wy de wurden fan Paulus streekrjocht tapasse op wat wy hjoed de dei kenne as homoseksualiteit dan *liket* it dat wy it oer itselde hawwe, mar yn werklikheid hawwe wy it oer ûngelikense fenomenen.

Mar wêr hat Paulus it dan wol oer? Krekt as yn de Korintebrief bewiist Paulus hjir ek wer dat hy tige kontekstueel tinkt. Hy hat weet fan de lokale situaasje en giet der op yn. Yn Grikelân oer de jongesskeiners. En yn Rome hat hy weet fan de seksuele losbannichheid fan de bestjoerlike en militêre elite. De seksfeesten en de orgyen binne bekend út it hiele Romeinske ryk mar perfoarst út Rome. Dêr wie wat rykdom, lúkse, iten en drinken, en klean oanbelanget gjin nee te keap. Mar ek de oare kant fan de macht en lúske wiene te finen: machtsmisbrûk, slavernij, earmoede, 'moord en doodslag'. De feesten wiene legindarysk en sprekwaardlik. Dêr wie al hielendal gjin nee te keap. Foaral op it mêd fan iten, drank, stimulearjende middels en seks! Yn sokke situaasjes rekken manlju en froulju gleon op inoar. Dêr giet Paulus hjir tsjinyn. Hy sjocht ûntwikkelingen wêr't minsken allinne mar dwaande binne mei har eigen lusten en befrediging. Wêr't it allinne noch mar giet om eigenbelang, sûnder noarmen en wearden. Dêrom neamt hy hjir ek al dy oare morele ûndeugden. It giet net allinne om dizze seksuele útspattingen. Hy set it op 'e nij yn in rychje: Sy sitte fol fan ûngerjochtigens, minnens, ynklauwerigens en ferkearden. Sy binne smoarfol oergeunst, moardsucht, tsierderij, bedragerij en gemienens. It binne rabbelskûten en lastertongen, haters fan God, brutale opskeppers. Sy fine alderhande kwea út, binne ûnbetrouber ensf.. Eintsjebeslút seit Paulus:

‘sy kenne gjin leafde en begrutsjen’ (zonder liefde en barmhartigheid) Sjoch dêr giet it Paulus om! De wurden fan Paulus steane yn in grutter ferbân (krekt as yn de Korintebrief). Wy hoege der net ien punt allinne mar út te heljen. Paulus striidt tsjin in libben sûnder leafde en begrutsjen. Dat wol hy de kristenen yn dizze Romeinebrief meijaan.

Mar hy reagearret net op leafdesrelaasjes fan minsken fan ien en itselde geslacht. Dat bestie net foar him. Hy giet te kear tsjin misstannen wêrby minsken allinne noch mar dwaande binne mei har eigen macht, posysje, befrediging en gjin each mear ha foar oaren. Oaren binne dan allinne noch mar gebrûksfoarwerpen om eigen genot te berikken en eigen macht te befêstigjen.

5.

Sjoch, dan komt it ynienen ferhipte tichteby ússels. Dan giet it oer ús allegearre. Dan brûke wy de teksten net mear as stôk om oaren te slaan, mar om nei ússels te sjen. Want dit is it boadskip fan de tsjerke altyd west foar ús allegearre, nammentlik dat God in God is fan leafde en trou en dat wy dat beânderje meie yn ús libben. Dat wy leare te libjen yn leafde en mei barmhertigens (in liefde en barmhartigheid). Dat jildt foar al dy ûnderdielen dy’t Paulus neamt.

As wy dit fertale nei ús eigen libben fan hjoed de dei dan sjogge wy by dizze gelegenheid wat spesifiker nei dy teksten dy’t altyd oanhelle wurde yn de diskusje oer homoseksualiteit. Want der is genôch te sizzen oer it seksuele misbrûk wêr’t de Korintebrief it oer hat en oer de misstannen dêr’t de Romeinebrief de finger by leit. Yn stee te praten oer homoseksualiteit kinne wy it no ha oer it misbrûk dat plak fynt mei bern en jonge minsken. No hawwe wy it ynienen oer berneporno (kinderporno), oer sekstoerisme nei Thailân (en op safolle mear plakken yn de wrâld), oer it misbrûk fan de swaksten yn jongerein ‘gangs’ en finzenissen. Dan tinke wy oan heiten en leararen dy’t misbrûk meitsje fan harren macht en posysje. En prysters en dûmny’s! Wy hawwe it oer it ferskynsel fan ‘leafdesjonges’ (loverboys) En it giet dan net om hetero, homo as pedoseksualiteit, it giet om misbrûk fan macht en seksualiteit, hoe dan ek!

En as wy de tekst yn de Romeinebrief yn eagenskou nimme, dan giet it om de ûnbedimme gleonens. Om ûnbedimme eigen befrediging, wêrby blykber alles tastien is. Seksualiteit stiet net mear yn it teken fan leafde en barmhertichheid, mar minsken wurde brûkt en misbrûkt foar de eigen ‘kick’, de befrediging fan de eigen gleonens. De seinigingen fan de moderne media binne op dit mêd net te priizjen. Foaral it ynternet helpt mei oan in pornografyske eksploazje. En jimme witte wol, ik bin wier net keken (preuts), en ik ha yn eardere tsjinsten ek wol in lofsang songen op de seksualiteit. Mar de smoargens dy’t men hjoed de dei tsjinkomme kin, dêr is de ein fan wei. Dêr wearzgje ik fan. Dat hat neat mear te meitsjen mei leafde, mei soarch of mei yntimiteit en waarmte.

6.

Wie Paulus in homohater of in foarstanner fan manneleafde? Och hearken, nee. Hy wist net iens wat it wie, teminsten net op de wize sa’t wy der oer tinke. Hy hie syn eigen tinzen en wie kritysk oer wat hy yn de grutte wrâld om him hinne seach, of it no wie yn Grikelân of te Rome. Hy brocht it boadskip om God te earjen mei it hiele libben en dêrmei dus ek it hiele lichem. Om net te libjen mei ûntucht, ôfgoaderij en troubrekken. Net as dieven, ynklauwers, sûplappen, lasterders of rovers. Om net te libjen yn ûnrjocht, minnens, ynklauwerigens en ferkeardens. Om net smoarfol te sitten fan oergeunst, moardsucht, tsierderij, bedragerij en gemienens. En om hiel hoeden en sûnder misbrûk om te gean mei seksualiteit. Dat boadskip stiet hjoed de dei noch hielendal sintraal. Dat wy libje meie yn leafde en barmhertigens!

Amen.